

Jierferslach Obe Postma Selskip 2013

Lykas jim wol witte, waard op 19 novimber 2006 it Obe Postma Selskip offisjeel oprjochte. Yn de ledegearkomste fan fiif febrewaris 2014 sjogge wy dus werom op it sânde jier fan it bestean fan it Selskip. Ik sil sadaliks koart ferantwurding ôflizze fan wat it Selskip yn it jier 2013 dien hat. Wy sille uteraard ek noch yngean op de ambysjes, dy't it Selskip hat en hie en dy't op de bestjoersgearkomsten yn 2013 mear of minder wiidweidich op it aljemint west hawwe.

Lit mij earst inkele feiten lâns gean. De jierlikse OPS-ledegearkomste waard it ôfrûne jier hâlden op tiisdei 11 febrewaris 2013. Dr. Marco Goud, auteur fan de dissertaasje *Ziende verbeelding. Over zien en (on)zichtbaarheid in poëzie en poëtica van P.C. Boutens* spruts oer it tema 'P.C. Boutens, Obe Postma en T.J. de Boer'. Obe Postma hie, lykas bekend, in protte bewûndering foar de dichter P.C. Boutens. Hij, Postma, is troch Philippus Breuker wol de 'Fryske Boutens' neamd. Yn syn bydrage gyng Goud yn op Boutens syn dichterskip en de besibbens tusken Boutens en Postma. Dêrby gyng hy ek yn op Boutens syn kontakt mei Tjisse de Boer, sjoen it feit dat Postma Boutens nei alle gedachten fia syn freon de Boer kennen leard hat. Bij dizze ledegearkomste waard op passende wize ôfskie nommen fan de bestjoersleden Philippus Breuker en Hylkje de Jong. Geart van der Meer waard by akklamaasje beneamd as opfolger fan Philippus Breuker en Jan Guichelaar waard beneamd as opfolger fan Hylkje de Jong.

It bestjoer fan it Selskip kaam it ôfrûne jier fjouwer kear byinoar en wol op moandei 11 febrewaris 2013, moandei 6 maaie 2013, freed 6 septimber 2013 en freed 15 novimber 2013. Op 11 febrewaris waard wiidweidich praat oer it 'Projektplan Biogafy Obe Postma', de biografy te skriuwen troch Philippus Breuker, Tineke Steenmeijer-Wielenga en Jan Guichelaar. It projektplan 'Rilke: Obe Postma en Cor Jellema in de ban van Rainer Maria Rilkes poëzie' waard tastjoerd oan it Goethe-insituut, de ambassade fan de Bûnsrepublyk Dútslân, it Konsulaat-generaal fan de Bûnsrepublyk Dútslân en it Dútslân Ynstitút te Amsterdam. Alle fjouwer hawwe, spitigernôch, ôfwizend reagearre. Wat de *Samle Opstellen* fan Postma (*It Fryske libben by âlds*) oangiet: it jild, nedich foar dit boek, is noch net beskikber. Salang't dat net it gefal is, fersoarget Breuker de tarieding fan de bondel noch net. Fermeld moat by einsluten noch wurde, dat der in digitaal foto-album fan Obe Postma taret is en wol troch Tineke Steenmeijer, Doekle Elgersma en Maria Gulmans. De lêste hat sa'n seis jier it webstee fan it Selskip fersoarge. It bestjoer hat har dêrfoar tank sein en hat Jan Guichelaar ree fûn dy taak oer te nimmen.

Op 12 maaie waard te Koarnwert de tige slagge poëzijmiddei hâlden; yn *Wjerklank* nûmer 14 treffe jim in tal bydragen oan. Op 15 novimber 2013 waard, as nûmer 10 fan de Obe Postma Rige, it earste eksimplaar fan it boek *Geschiedschrijving 1900-1940, in het bijzonder over Friesland* presintearre en wol yn it provinsjehûs te Ljouwert. Nei in koart wolkom troch de foarsitter fan it

Obe Postma Selskip oerlange Jan Guichelaar de earste eksimplaren fan de stúdzjedeibondel 2012 oan de útnoege sprekers Harmen Oldenhof en Hanno Brand; de lêste moast him ferfange litte troch Prof. Dr. J.A. Mol, ek fan de Fryske Akademy. Ek de haadredakteur fan it blêd Fryslan, de hear Krul, spruts de oanwêzigen ta. Hylkje de Jong oerlange de stúdzjedeibondel oan de oanwêzige auteurs; sy naam de gelegenheid te baat om, op in oansteklike wize, de oanwêzigen eat te fertellen oer wat der sa al te sjen is yn de steateseal. In hieltyd weromkommend tema yn 'e bestjoersgearkomsten fan it Obe Postma Selskip is de finansjele posysje fan de Obe Postma Stichting; en dêrmei dy fan it Obe Postma Selskip. Nettsjinsteande it krewearjen fan Albert Wynia en Lolke Folkertsma wol it mar net slagje om op finansjeel mêd foarút te kommen. Koe de (tige slagge) poëzijmiddei op tolve maaie fan it ôfronne jier te Koarnwert mei in minimum oan kosten noch realisearre wurde, oare projekten moatte, sa't it liket, needsaaklikerwize en ûnûntkomber op in leech pitsje set wurde. Ik tink dan oan de útjefte fan de samle opstellen (*It Fryske libben by âlds*) fan Postma en mooglik ek de biografy oer Postma. By tal fan potinsjele subsidiïnten (Frysk Genoatskip, Feitsma-Fûûns, ensfh.) hat de Obe Postma Stichting oant no ta nul op it rekest krige. Dat hat uteraard ek syn wjerslach op *Wjerklank*; it oantal siden moat spitigernoch beheind bliuwe.

Lykas mooglik bekend is, hat de Obe Postma Stichting in subsydzje krige (goed 3200 Euro) foar in búste fan Postma. Undertusken is troch Frans Tiessen (âld-learaar biology en keunster) in yn waaks makke kop ûntwurpen; hy hat ek in ûntwerp foar in sokkel makke. It is de bedoeling dat de yn brûns te jitten búste in prominent plak kriget yn de ûnderseal fan Tresoar.

Jan Gulmans, skriuwer Obe Postma Selskip